

Tusken tsjerke en kroech VI

Mantgumer en oar talint op 1 april te sjen en te hearren!

Foar de seisde kear organisearret toanielferiening Frisia dit jier "Tusken tsjerke en kroech", ús tocht lâns allerhande kulturele aktiviteiten op njoggen ferskillende lokaasjes. Dit jier ûnderweis gjin iterij, dat dogge wy yn 'e Wjukken, wy hawwe besocht der in ferrassend program fan te meitsjen!

Neffens tradysje is de ynrim om healwei fiven yn 'e tsjerke en dan begjinne wy stipt om fiif oere, mei de groep "Olivetti", in tal muzikanten dy't harren stoarten hawwe op it bettere Nederlânstalige repertoire fan ûnder oaren Drs. P, Lennaert Nijgh, Annie M.G. Schmidt, mei de muzyk fan Boudewijn de Groot en Harrie Bannink. Ek sjonge se in tal Jiddyske lieten. Olivetti bestiet út Janny Kok, Roelof Veldhuizen en Baukje Hoogstins, de lêste makke ek de bewurkingen fan 'e muzyk; Oeds Wijnsma fersoarget de begelieding op 'e piano.

Dêrnei geane wy nei de Wjukken foar in miel iten, al of net streksum. Om sân oere steane de groepen klear om op paad te gean en om kertier oer sân begjinne wy mei it earste ûnderdiel op lokaasje.

Jimme kinne neffens fertroude formule wer trije rûtes by del en yn eltse rûte sit wer genôch ferskaat:

De Griene rûte:

Toaniel: "Boerlesk" troch Dayna en Lucinda. Trees en Sjaantsje bebuorkje mei har beiden in pleats. Net botte lokkich yn 'e leafde, in kwesje fan ferkearde mannen en sa. Nee, yn 'e leafde net lokkich en no't se de magyske grins fan fyftich al foarbij binne sykje se de wiere leafde yn har libben. Mar ja, it fersieren fan in man giet harren net sa handich ôf, wat se ek besykje. En ja, dan rekket op in stuit it geduld op..

Muzyk: "Hansl": dit duo wurdt foarme troch Egbert Menger en Roelof Veldhuizen, se spylje mei har beiden Dútstalige en Jiddyske ferskes, faak mei in maatskippijkrityske ûndertoan, tradisjonele en ek nije.

Fryslân literêr mei muzyk: Berneboekeskriuwer Thys Wadman en ús Mantgumer Rely-winnars Henk Nijp en Tsjitske van der Meer lêze foar út eigen wurk, ôfwiksele en oanfuld mei muzyk fan 'e ferneamde formaasje "Cajun Beano" út Koudum.

De Giele rûte:

Toaniel: "Hjerst": Baukje Stavinga en Jelle Terwal foarmje de teatergroep Fjoer, en se spylje in part fan harren ienakter 'Hjerst'. It stik giet oer in âlder echtpear dat elk jier harren hjerstfakânsje trochbringt yn itselde húske.

Muzyk: "De Bachfabryk": yn it gesin fan 'e âlde Bach waard troch heit en fjouwer soannen safolle muzyk produsearre, it is soms net mear nei te gean wa't in bepaald stik no skreaun hat! Jet van Leeuwen en Liuwe van der Meer op flauto traverso en fortepiano litte hearre wat dêrfan it resultaat is.

Aktyf!: Bakke mei Hidde: Hidde Jonker waard in lanlike bekendheid troch syn meidwaan oan 'Heel Holland bakt'. De finale dêrfan hat er net helle, mar dat is net slim. Hy sil by 'Tusken tsjerke en kroech' mei de dielnimmers oan 'e slach. It resultaat meie de dielnimmers daliks opite!

De Reade Rûte:

Toaniel: "Meist wol wat fan my ha-ha-ha-ha". Yn dizze monolooch fertelt Anja Steegstra op humoristyske wize oer wat se te hearren krijt as oaren har te licht fine. Anja sels sit der net mei, mar oaren wol! Begrutlike blikken, goedbedoeld advys dat se mear ite moat en altyd en ivich de grap, dy't Anja al hûnderttûzend kear heard hat: "Meist wol wat fan my ha!"

Muzyk: Folkpolitie. Omdat Folkpolitie dizze kear al foar de fyfde kear meidocht oan TTeK, hawwe de spilers harren repertoire flink fernijd. Se sjonge lieten en lietsjes yn allerhande talen, mei begelieding fan in gitaar, mar ek mei oare nuvere ynstruminten. Folkpolitie bestiet út Sien de Groot, Hinke Wolthuizen, Greetje Wiersma en gitarist, teffens lieder fan 'e groep Bauke de Groot.

Mantgumer Talinten: In groep jonge Mantgumers: Niels, Jente-Sjoerd, Rutger en Jolmer spylje al wer jierren saxofoan. Mei Willem, Lukas en Sanne hawwe se sels in program makke mei koarte Fryske sjongteksten of gedichten oer saken út Mantgum yn eardere tiden. In ferrassing dus!

Nei ôfrin fan it program komme wy likernôch healwei tsienen wer byinoar yn 'e Wjukken foar it neigesetsje en in ûnmisbere ferlotting. Dêrnei is der tiid genôch om ús te fermeitsjen mei muzyk fan Sounboxx en Ananazz ûnder de besieljende lieding fan Kees Romers! Beide bands spylje in set. En mei sang fan âld-Mantgumer Rebecca van Vlugt dy't hiel graach nochris yn Mantgum sjonge wol!

Kaarten bestelle:

Yntree € 15,00; leden € 5,00

Sneon 1 april:

16.30 – 17.00 ynrin yn tsjerke

17.00 – start program yn tsjerke

18.00 – Meiinoar ite yn 'e Wjukken.

19.15 - Begjin fan it program.

21.30 – program yn De Wjukken; muzyk nei!

Reservearje Frisia1874@gmail.com

Jou de rûte oan dy'st rinne wolst. (Grien, giel of read)

058-2501108 Sien de Groot

By foarkar skilje tusken 19.00-21.00 oere; oars ynsprekke

Kaarten ôfhelje oan 'e kassa yn tsjerke.

Dy't (noch) gjin lid is kin dat fansels ter plekke wurde!

Twitter [@frisia1874](https://twitter.com/frisia1874)

Facebook www.facebook.com/frisia1874